


„Fjildrop“

Maaitiid 2017
Nûmer 82







Fjildrop



Van de redactie

Piet de Vries

Foar jimme leit de earste Fjildrop fan 2017. Yn dit nûmer wer in protte nijs oer fûgels yn syn algemien. De krante is ûnder oare wer gearstald mei ferslaggen fan greidefûgels en de dramatyske efterûtgong derfan. Ek dit foarjier wer de diskusje oer wol as net aaisykjen. Sa as it no liket is der dit jier gjin massaal aaisykjen en sil dit beheind wurde oant in stik as wat earste aaien, dy miskien oan boargemasters oerhandige wurde kinne. Foar faunabehear is sels dat noch tefolle en moat it aaisykjen beheind bliuwe oant allinnich neisoarch.

Yn ús krante ha wy fierders oandacht foar it jier fan de koekoek. Dit artikel hat yn de LC en DVHN stien. De skriezepopulaasje lit net allinnich yn it Reidfjild in daling sjen mar ek lanlik is der noch mar in kwart fan de populaasje oer, seit bioloog Roos Kentie. Dat wurdt dan rekkene neffens it oantal fan 1967. We hawwe wolris mear posityf nijs foarbykommen sjoen, as it moatte de fûgelringers fan de Vogelringgroep Bergumermeer wêze.

Mar hawar, de krante is wer ree, der binne wer ferskate ûnderwerpen dy't behannele wurde. Yn de ynhâldsopjefte kinne jimme alle ûnderwerpen tsjinkomme dy't yn dizze krante steane. Under oare in oprop fan de foarsitter om massaal nei de maaitiidsfergadering te kommen om it ferhaal oer de skries en oer kânsen en bedrigingen te hearren. Ek docht er in oprop om reklame te meitsjen foar de wacht, meitsje famylje, buorren, freonen lid fan de wacht!! Dit om it ledetal net fierders efterút gean te litten.

Fierders wollen wy graach de Fjildrop útwreidzje mei mear ynteraksje tusken de lêzers en ús as redaksje. Kom je bygelyks in artikel op internet en alle oare media tsjin wêr je it net mei iens binne as just wol, reagearre dan mei it orizjinele artikel en de reaksje derop. It kin ek wêze dat je aardige weetsjes as foto's mei ús diele wolle. Elkenien mei fan alles oanleverje, de redaksje sjocht dan wol as it pleatst wurde kin.

**Kopij voor de volgende Fjildrop graag inleveren voor 6 oktober bij:
Corrie Brandsma of Piet de Vries**

Inhoudsopgave Fjildrop Maaitiid 2017

Noeging maaitiidsledegearkomste	4	Neisoarch	15
Ferslach hjerstledegearkomste	5	Ule nijs	15
Bestjoersmeidielingen	6	Webside nijs	17
Van de excursiecommissie	7	Weidevogelbeheer skriezekrite	19
Financieel overzicht	8	Bijzondere waarnemingen	23
Frij Sicht	11	Wist u dat	25
Briedsoarch	13	Wa't net donget, wa't net ponget	27
Jeugd/Edukaasje	13	CES 2016	28

Contributie			Banknummers:	
Volwassen leden	minimaal € 7,50	echtparen € 7,50	Rabobank	NL45RABO0362720657
Jeugdleden	minimaal € 4,00			
Leden buiten Trynwâlden	minimaal € 11,00	echtparen € 11,-		

Tekening omslag: K.J. Visser

Vogelopvangcentrum:
Fûgelhelling Ureterp 0512-514328



Fjildrop



Maaitiidsledegearkomste Fûgelwacht Trynwâlden

Tongersdei 30 maart 2017 om 20.00 oere yn Brasserie Stania State,
Rengersweg 98b, 9062 EJ, Oentsjerk

Aginda:

1. Iepening
2. Ynkommen stikken
3. **Ferslach ledegearkomste 10 novimber 2016 yn De Trochreed yn Readtsjerk** (Yn dizze Fjildrop op side 5)
4. **Finansjeel jierferslach 2016** (Yn dizze Fjildrop op side 8)
5. **Ferslach kaskommisje 2016**
6. **Bestjoersferkiezing:**
Der is noch in fakatuere (it iepen plak fan Henk Oud). Hans Dijkstra út de Mûnein hat oanjûn hjirfoar yn de beneaming te wêzen. Hij is de man dy't ús webside makke hat en in protte fûgelsaken pleatst op websiden yn de Trynwâlden. Ek is hij tige handich mei fan alles wat der te dwaan is. Wij meitsje graach gebrûk fan syn oanbod!
Fierder rint de bestjoersperioade fan Gert Jan de Vries en Henk Dijkstra ôf. Beide wolle noch fierder yn it bestjoer fan de wacht.
Op grûn fan artikel 1 b fan it reglemint is it jimme mooglik om (tsjin-) kandidaten oan te bringen bij de foarsitter. Dit kin foar alle 3 posysjes.
7. **Bestjoersmeidielingen** (Yn dizze Fjildrop op side 6)
8. **Neisoarch** (Yn dizze Fjildrop op side 15)
9. **Jeugdûgelwacht** (Yn dizze Fjildrop op side 13)
10. **Ekskurzjes** (Yn dizze Fjildrop op side 7)
11. **Omfreegjen**
Ferkeap fan lotten. It wurdt op priis stelt dat je lytsjild meinimme, dat skeelt ús in hiele protte
12. Jos Hooimeijer komt op 30 maart fertellen oer wittenskiplik ûndersyk dat hij foar de RUG, de universiteit fan Grins, docht nei de skries. Dat ûndersyk docht er foar in grut part yn Fryslân. Dat leit foar de hân om't yn Fryslân in grut part fan de Europeeske populaasje fan de skries briedt. It soe moai wêze as dizze jun ek safolle mooglik **boeren** en **neisoarchers** oanwêzich binne om it ferhaal oer de skries en oer kânsen en bedrigingen te hearren. Dit ek yn relaasje mei behear en ynrjochting fan it fjild en predaasje.
Healwei de presintaasje is der skoft mei ferlotting
13. **Sluting.**

■ SOLDAAT ■

AUTOSCHADESPECIALIST

NIEUWESTRAATWEG 67 - 69
9061 CM GYTSJERK
TEL.: 058 256 12 45
FAX.: 058 256 19 99





Ferslach hjerstledengearkomste

Tongersdei, 10 novimber 2016 yn de Trochreed, Readtsjerk.

Iepening

Om 20.00 oere iepenet de foarsitter de gearkomste en hjit alle oanwêzigen wolkom, der binne in pear nije gesichten, dat docht ús goed.

Oanwêzich binne 40 leden.

Spesjaal wolkom foar Tseard van der Kooi en Corien van der Linden fan *Trynergie*.

Tseard van der Kooi jout in dúdlike útlis oer de gearwurking fan Trynergie mei de Fûgelwacht Trynwâlden.

As jo enerzjy ôfnimme fia *Trynergie* dan kinne jo de Fûgelwacht Trynwâlden stypje mei 45 euro per jier by gas en stroom of 20 euro per jier by allinne gas of stroom .

Dêrmei leveret *Trynergie* in bydrage oan de leefberens fan de Trynwâlden.

Nei de presintaasje tekenje Henk Minkes, foarsitter Fûgelwacht Trynwâlden en Tseard van der Kooi it gearwurkingskontrakt.

Meidielingen.

It BFWV sil foar 2017 gjin ûntheffing oanfreegje foar it aaisykjen. Dat betsjut dat der no foar it tredde jier op rige net aaisocht wurde mei.

It ûndersyk fan A&W rint noch.

Ynkommen stikken:

Gjin foar dizze gearkomste.

Ferslach ledegearkomste.

Ldegearkomste 31 maart 2016 yn It wapen fan Fryslân yn Oentsjerk.

Om't der gjin bemerkings en oanfolingen binne wurdt it ferslach fêststeld sa't it is.

Bestjoersmeidielingen

Sjoch fierder yn dizze Fjildrop.

Neisoarch

Op it skerm komme de resultaten fan de 4 haadsoarten: ljip (kievit), skries (grutto), strânljip (scholekster) en tjirk (tureluur).

Spitigernôch litte de grafiken in delgeande line sjen, de tjirk liket wol in reedlik goed jier te hawwen.

Jeugdfûgelwacht

It nije jier stiet yn it teken fan greidefûgels, hjirfoar 6 skoallen by lâns, stik teory en praktyk. It praktyk part is faaks lestich te realisearjen, hjir kinne wy noch wol wat help by brûke.

Ekskurzjes

Hidde Luistra stoppet mei de ekskurzjekommisje, Marten van Daalen hat syn plak ynnommen.

De ekskurzjekommisje komt noch by inoar om in programma foar it nije jier te organisearjen.

Omfreegjen

Jan Faber merkt op dat de besoarging fan de Fjildrop net goed ferrûn is, opmerking fan Henk Minkes; Troch omstannichheden moast dat op koarte termyn oars oppakt wurde, hjir binne in pear lytse flaterkes yn ûntstean. Foar de nije útjefte fan de Fjildrop sil dit oplost wêze.

Natuer tichteby en fier fuort

Jappie Seinstra makket al jierren prachtige foto's fan fûgels, mar ek flinders, libellen, blommen en planten. Dizze jûn lit Jappie de nijsgjirrige foto's sjen oer de lêste ekskurzjes; nei Helgolân en fan de lêste ekskurzje yn oktober nei Barth yn Noard Dútslân en de fûgels dy't der by sjoen wurden binne en alle oare natuer ferskynsels.

Healwei de presintaasje is der efkes skoft. Yn dat skoft wurdt de ferlotting (netto opbringst € 104) hâlden. Fansels wint de iene ek no wer folle mear pryskes as de oar. Dat jout wol kommentaar mar gjin skeve gesichten.

Sluting.

Om 22.45 oere



Bestjoersmeidielingen

Henk Minkes

Net aaisykje, mar nestbeskermje, wol melding fan earste aaien

Ek yn 2017 wurdt der net aaisocht. "Rapen" is ferbean.

Ut it foarlopige rapport fan Altenburg en Wybenga (makke yn opdracht fan it BFWW) komt net dat it krekt foardielich wêze soe foar de ljip dat de earste aaien meinommen wurde. Wol wurdt konstatearre dat de earste (en faaks ek de twadde) legsels op yn elk gefal maislân gjin inkelde kâns ha. Der sit net oars op as fuort mei de neisoarch en de nêstbekermeing te begjinnen. En as de earste aaien al útkomme dan is de kâns op oerlibjen erg lyts.

De minsken mei in neisoarchpas krije fierdere ynformaasje tastjoerd.

Skries

It giet min mei de skries, de kening fan de greide. Dêr wurdt al jierren ûndersyk nei dien. (b.g. al yn de '90-er jierren troch Maurice Kruk oan de westkant fan ús wachtgebiet). De oarsaak dat it min giet, leit nei alle gedachten yn de briedgebieten. Der wurde fierstente min piken grut. En wij fernimme allegearre ta ús grutte fertriet dat der minder skriezen komme. Dêrom like it ús in goed idee dat we oer alle ûndersyk op de hichte brocht wurde. Jos Hooimeier fan de RUG is ekspert op dit gebiet. Hij sil hjiroer fertelle en ek oanjaan wat de mooglikheden binne om it tij te kearen. Dit is in gearkomste foar al ús leden, mar ek foar alle neisoargers en alle boeren yn ús gebiet.

Bestjoersgearstalling

Foar de lêste fakatuere yn it bestjoer is no in kandidaat. Dêr binne we tige wiis mei. Hans Dijkstra út Mûnein wol yn it bestjoer plaknimme en him dêr foaral ek dwaande hâlde mei de webside <http://www.fugelwacht-trynwalden.nl/> en oare sosjale media. Fierder wolle Gert Jan de Vries en Henk Dijkstra noch in perioade troch, ek al is Henk Dijkstra op dit momint troch persoanlike omstannichheden wat minder ynsetber. We hoopje dat soks gau better wurdt.

Sa ha we in maart wer in kompleet bestjoer, yn elk gefal as jimme der mei ynstimme.

Nije leden

Dit berjocht ha we ek yn de Fjildrop fan novimber pleatst:

It ledetal fan de wacht rint stadichoan tebek. Dat komt troch ferhúzjen en it heger wurden fan de gemiddelde leeftiid. En der is hast gjin oanwaaks fan ûnderen op.

Dêrom wolle wij oan al ús leden freegje: Meitsje reklame foar de wacht, meitsje famylje, buorren, freonen lid fan de wacht!! Folders binne te krijen bij it bestjoer. Wij hoopje dat jimme hjiroan meiwurkje wolle. Sa't jimme witte is de kontribúsje mar € 7,50 yn it jier.

Noch te keap: Fûgelhokjes

Wisten jimme dat fûgels de nêstkastkes winterdeis faak brûke om skûle te krijen tsjin min waar en kjeld? Op de ledegearkomste en bij Pyt van de Polder thús (Boskwei 13, Readtsjerk) binne wer nêstkastkes te keap fan if fabrikaat Pyt van de Polder. En € 7.50 foar in hokje is net djoer!! Hingje se fuort op, dan kin it faaks noch krekt.

Webside

De webside <http://www.fugelwacht-trynwalden.nl> is al in skoft yn de loft.

Sjoch hjir sa út en troch ris op foar meidielingen en nije artikels.



Een vriendelijk verzoek aan kattenbezitters om uw kat in de broedperiode een bel om te doen of binnen te houden, zodat de vogels de kans krijgen om hun jongen groot te brengen.





Van de excursiecommissie

Een personele mededeling:

Hidde Luinstra heeft aangegeven na het mee-organiseren van vele excursies te stoppen. Voor een aantal excursies heeft hij ook het eten mee geregeld. En dat is ons uitstekend bevallen. Maar het wordt hem te bezwaarlijk en ook zijn Rieke en Hidde samen veel in het buitenland. We willen je ook nogmaals van harte bedanken voor je inzet voor alle excursies in de afgelopen jaren!! Het was fijn samenwerken met jou.

Dit afscheid is tijdens de reünie van de Barth-excursie bekend gemaakt. De vraag "wie neemt nu de organisatie van excursies mee op zich", werd door Marten van Dalen positief beantwoord. Marten, van harte welkom en we zien uit naar de samenwerking de komende tijd. Inmiddels is de eerste vergadering van Johannes, Marten en ondergetekende geweest. Dat ging in prima sfeer en leidde tot het volgende resultaat:

Voorjaarsexcursie 2017:



We zijn van plan op 12 t/m 14 mei weer een **voorjaarsexcursie naar Texel**

te houden. Dit is 4 jaar geleden voor de laatste keer gebeurd. Toen is het uitstekend bevallen!! Een gezellige ploeg heeft toen heel veel verschillende vogels gezien. We stellen voor om de excursie op ongeveer dezelfde manier te organiseren. Dat betekent: met de auto, via de veerboot, naar Texel op vrijdag. Dan 2 nachten naar hetzelfde verblijf: Princenhage. Een prima onderkomen. En ook nu weer een "self-catering"-excursie: we zorgen voor ons eigen eten.

En voor de invulling van de excursie is er alle vrijheid: je kunt:

- ◆ met je "eigen" auto op pad;
- ◆ alleen/in een groepje fietsen (fietsen zijn te huur)
- ◆ alleen of in een groepje wandelen.
- ◆ en dan 's avonds met z'n allen eten koken.

Wat je doet en hoe je dat ook doet, de natuur en de vogels op Texel zijn altijd mooi!



Princenhage moet in één keer gehoord worden. Daarom zijn de kosten voor deze excursie direct afhankelijk van het aantal deelnemers. Hoe groter het aantal deelnemers des te lager de kosten per persoon. Het gaat om ongeveer de volgende bedragen:

- ◆ met 25 mensen € 80;
- ◆ met 20 deelnemers € 90;
- ◆ met 16 deelnemers € 100 en
- ◆ met 50 deelnemers € 60.

Bij minder dan 16 deelnemers gaat de excursie niet door omdat de kosten te hoog oplopen.

We hebben voor Princenhage een optie kunnen afspreken tot 01-04-2017, dus op de voorjaarsvergadering, op de laatste donderdag van maart (30-03), moeten we weten wie mee gaat. Daar hoeft je niet op te wachten: je kunt je nu ook direct opgeven bij:

Johannes Mosselaar, johannesmosselaar@hotmail.com.

(foto boumantsje)

Marten van Dalen, mjvandalen@gmail.com

Henk Minkes, henkminkes@kpnplanet.nl



PS: Volgende keer info over een buitenlandexcursie 2018. Suggesties hiervoor zijn zeer welkom!



Fjildrop



Financieel overzicht 2016/2017

Inkomsten			
Omschrijving	Begroting 2016	Rekening 2016	Begroting 2017
Saldo rekening courant	3.072,75	4.072,75	1.662,00
Saldo excursie rekening	171,84	171,84	266,00
Saldo spaarrekening	1.041,00	541,34	3.541,00
Contributies	2.600,00	2.632,50	2.600,00
Ontv. Helgoland/Barth		7.120,20	
Rente	5,00	3,16	5,00
Opbrengst verloting	300,00	347,50	300,00
Advertentie ``Fjildrop``	500,00	572,50	450,00
Koekactie	250,00	650,70	400,00
Diversen	500,00	1.586,93	1.000,00
Totaal	8.440,59	17.699,42	10.224,00
Uitgaven			
Omschrijving			
Secretariaat	300,00	388,62	300,00
Leden/Best. Vergadering	450,00	286,00	500,00
Nazorg/Nestkast/Ringact	350,00	160,00	300,00
Uitgave ``Fjildrop``	1.800,00	1.793,96	1.800,00
Afdracht B.F.V.W.	1.050,00	1.295,00	1.050,00
Kosten verloting	100,00	104,54	125,00
Uitg. Helgoland/Barth		6.853,69	
Attenties	200,00	26,98	100,00
Kosten Koekactie		391,30	200,00
Diversen	250,00	221,81	150,00
Kosten afd. Jeugd	350,00	708,45	500,00
Saldo rekening courant	2.877,75	1.661,22	1.659,00
Saldo excursie rekening	171,84	266,51	
Saldo spaarrekening	541,00	3.541,34	3.540,00
Totaal	8.440,59	17.699,42	10.224,00



Technisch Bedrijf

Tjeerdsma b.v.

Elektrotechniek - Verwarming - Ventilatie - Gas - Water - Sanitair
Zinkwerk - Dakbedekking

Al 100 jaar

OENTSJERK - RENGERSWEG 10 - TELEFOON 058-2561264 - FAX 058-2562776



Toelichting financieel overzicht 2016/2017


Inkomsten:

- Ad. 3** iets meer ontvangen contributies dan begroot, ledental afgelopen jaar in aantal gelijk gebleven.
- Ad. 4** De rente inkomsten is te verwaarlozen minder dan 1% per jaar.
- Ad. 5** De opbrengst verloting is hoger dan begroot.
- Ad. 6** De advertentie-inkomsten zijn hoger dan begroot. Er is meer binnengekomen mede veroorzaakt doordat bij het voorgaande jaar 2015/2016 nog niet alle advertenties betaald waren, echter onze grote adverteerder Rabobank gaat ons verlaten.
- Ad. 7** De opbrengst koekactie is hoger dan begroot, hier zijn ook de opbrengsten van het voorgaande jaar 2015/2016 in verwerkt, die nog niet binnen waren. Alle verkopers die hebben meegewerkt voor de koekactie namens het bestuur bedankt voor jullie medewerking.
- Ad. 8** Opbrengst diversen is ook hoger dan begroot, we hebben weer een flinke vergoeding mogen ontvangen van Beh. Coop Wald en Finnen. Verder zitten de opbrengsten van de verkoop nestkasten en nog een klein bedrag van Enerzjy Koop. Trynwalden erin verwerkt.

Uitgaven:

- Ad. 1** De secretariaatskosten zijn hoger dan begroot mede veroorzaakt door aankoop van de acceptgirokaarten, abonnementen.
- Ad. 2** De kosten van leden en bestuursvergaderingen zijn lager dan begroot, echter er moet nog een factuur binnenkomen van de najaarsvergadering.
- Ad. 3** De kosten van nazorg en ringactiviteiten zijn ook lager dan begroot, wat minder vergoedingen verstrekt, tevens nazorgpassen verwerkt onder afdracht BFVW.
- Ad. 4** De kosten van de Fjildrop zijn mooi binnen de begroting gebleven.
- Ad. 5** De afdracht BFVW is hoger dan begroot, hier zitten de nazorgpassen in verwerkt, zoals omschreven in punt 3.
- Ad. 6** De kosten van de verloting zijn iets hoger dan begroot, maar nog altijd mooie prijzen kunnen kopen voor weinig geld.
- Ad. 7** Attenties dit jaar veel lager dan het voorgaande jaar.
- Ad. 8** De kosten diversen zijn veel lager uitgevallen, dit zijn de bankkosten en kosten voor de website. De bankkosten zijn gelukkig lager dan het voorgaande jaar door opzeggen van de ING bank
- Ad. 9** De kosten zijn fors hoger dan het voorgaande jaar, veroorzaakt door aankoop vogelhokjes.

De kascommissie bestaat uit de heren J. v.d. Bij en J. Zijlstra.
Opgemaakt door de penningmeester Geert Dijkstra





Fjildrop



www.dorenbosarchitekten.nl 058-2562003



AUTOGARAGE **FENNEMA**

ALLE MERKEN - REPARATIE
APK - AIRCOSERVICE
ONDERHOUD LEASEAUTO - PECHHULP

Dr. Kijlstraweg 14, 9063 JB Mûnein
(058) 256 14 08 • 06 - 21 84 04 66
info@autogaragefennema.nl



WWW.AUTOGARAGEFENNEMA.NL



FRIJ SICHT *Jan Faber*

Wat in wielde hawwe wij yn ús Fryslân. Mei de wintertelling op de klaai kinne we sa fier sjen, dat de ein wei wurd yn de fierte, ik haw dan ek op it formulier set, we ha tûzenen goes op skreaun, mar der efter sieten noch folle mear. Net allinne goes, mar wylpen, ljippen en wilster. Wat ek stadichoan mear foarkomt is ús grutste fûgel de swan (knobbelswan). Ik telde om Burdaard hinne mar even 90 stiks. 60 jier lyn hie Stania State in spantsje en Swarte-weisein.



Om op de titel fan dit ferteltsje werom te kommen, yn 1970 seach ik de ljippen út de hûs wei op it nêst sitten, doe kamen der boltsjestâlen, kealleboltsjes, mear dan 300 meter stal, fuort sicht. No ha se alles wer ôfbrutsen, earst de “maanmannetjes” om it asbest op te romjen, doe de izeren spanten en doe de betonnen kolken. Mear dan 400 meter; de kniper fan de kraan fergriemde al dat beton as wiene it moalkoekjes. En dan mot alles fuort, wol 50 auto's fol pún! Grutte gatten bleaune oer, wol 60 auto's fol grûn gongen deryn. No soe it wer frij sicht wurde, mar nee hear, in gigantyske kulebult(pakken) keart myn sicht, hooplik tydlik.

Mar it is de fraach, as alles wer rom is, of de ljippen der dan noch binne? Ik begjin dan te tinken, lykas de telefyzje minsken: gjin alvestêde tocht, dan mar in âlden út de kast, hoe folle ljippen ik dan hie. Net allinne ik fansels, mar soms hie ik wol it gefoel dat ik sels ljippen hie, dan wiene de spantsjes tusken de beammen.

Oan't Flokhernepaed in pear, efter de pleats in pear en foar hûs in pear. Sân 6 – 10 pear, mar dan praat ik oer 80 jier foarline. No binne der allinne noch krieën.

**OLIJSMA
AUTOGIEKERK**

*De specialist op het gebied van verkoop,
onderhoud en schade van auto's*

DÉ VOLVO EN FIAT SPECIALIST!
Kijk op de website voor al onze nette en goed geprijsde occasions.

Auto verhuur • Vervangend vervoer • Moderne werkplaats
Kwaliteit & service • Showroom • Lease Service Center



AUTOOLIJSMA.NL

Canterlandseweg 5, Giekerk
telefoon: 058 - 256 12 24



Neem nu een abonnement op VANELLUS

slechts
€ 12,-
per jaar!

En ontvang iedere 2 maanden het kleurrijke
verenigingsblad met:

- Nieuws hoofdbestuur
- Bijzonder vogelnieuws
- Jeugdrubriek en excursieverslagen
- In vogelvlucht
- Interviews met o.a. vogelwachten, boeren en vrijwilligers
- Sijke seit... een rubriek speciaal voor en door vrouwen
- Nieuws werkgroepen en commissies
- Schitterende natuurfoto's
- Wetenschappelijke artikelen en nog

VEEL MEER!

Ook voor de prijs naar Albert Heijn.



AH Castelein

De Haven 5
9061 DL Gytsjerk
058 256 1370

www.ah.nl



Altijd scherp
geprijsd.



Minimaal 15%
goedkoper
dan A-merken.



Absolute
discount-
prijzen.

Maandag t/m zaterdag open van 8.00 tot
20.00 uur, donderdag- en vrijdagavond
koopavond tot 21.00 uur. Let op! Ook iedere
zaterdag open tot 20.00 uur.



Briedsoarch

Pyt fan de Polder

Swellen

Dizze maitiid komt der yn alle doarpskranten fan de Trynwâlden itselde stikje te stean oar de swellen yn de Trynwâlden. In stikje ynformaasje oer de soarten, de fûgel en de nêsten. En in oprop oan de minsken om meldingen troch te jaan oer nêstplakken by harren thúshús. Der binne tellers foar de doarpen Aldtsjerk (Wiebe Spinder), Readtsjerk (Pyt fan de Polder) en Mûnein (Albert Visser). Foar Gytsjerk en Oentsjerk moat noch immen komme. Hidde Luinstra en Lindeboom út Oentsjerk telle by ferskate boeren yn de omkriten. It giet der om de briedpearen fan trije soarten sa goed mooglik yn byld te krijen.



Op de webside kinne de minsken mear ynformaasje fine oer de keunstnêsten foar swellen.

Sjongfûgels en nêstkastkes

Dit seizoen wolle wy de beammen wêr't in nêstkastke fan ús yn hinget in nûmer jaan en alle briedgegevens fan de fûgel dy't yn de kast wennet fêstlizze mei de App fan de BFWW.

As der dan in nêstkastke ferfong wurdt dan hoecht der net mear in nûmer op de nêstkastke want op de beam stiet de koade foar it plak.

Jeugd/Edukaasje

Pyt fan de Polder

Legere skoallen

Oant no ta binne der fjouwer skoallen yn de Trynwâlden besocht mei de Hoarnûle presintaasje. Wy kinne yn in lesore dit ûnderwerp mei foto's, sprutsen tekst, muzyk, ûle lûden en 10 mearkar fragen, ús ferhaal goed kwyt om ien en oar út te djipjen oer de Hoarnûle, En de Fryske taal krije de bern der om de nocht by. Guon bern hawwe hjir wolris in probleem mei mar dat losse wy dan ek wol wer op.

Dizze maaitiid binne de greidefûgels wer oan bar om oer te fertellen op de skoallen en yn it fjild. Gelokkich haw ik help krigen fan Otto Banga om yn de groepen 7/8 fan fjouwer skoallen oer de fûgels te fertellen. By de fjild lessen soenen wy ek noch wol wat nije minsken brûke kinne. Spitich genôch binne ús de lêste tiid in pear minsken mei in protte fûgelkennis ûntfallen. En dan mar ôfwachtsjen of it waar wol wat geskikt is om it fjild yn te gean mei in keppeltsje bern.





op 't LANDGOED
STANIA STATE

**GENIET ALS IN
VERVLOGEN TIJDEN**

*Schuif ook eens aan voor Koffie, Lunch,
Diner of kom Picknicken in het park!*

Bekijk alle mogelijkheden op www.staniastate.nl



**bakker
op/d BERG**

Gytsjerk
Haven 1 • (058) 256 25 88

Burgum
Tsjibbe Geartsstrjitte 2 (0511) 46 12 82 • Markt 63 (0511) 46 13 27

Veenwouden
Hoofdstraat 21 (0511) 47 23 58

Hurdegaryp
Fuormanderij 7 (0511) 47 23 65 • Stationsweg 1 (0511) 47 23 18

Leeuwarden
Lieuwenburg 87 (058) 267 26 77

*De Warme bakker
om dagelijks
van te smullen!*

Specialist in serrebouw

de Boer
RAMEN
DEUREN
SERREBOUW
KUNSTSTOF EN ALUMINIUM

Andringasingel 15
9062 GJ Oenkerk
Telefoon 058-256 23 32

Bezoek onze website: www.deboer-serrebouw.nl



!! Foar alle neisoargers en boeren !!

Tongersdei 6 april 2017 om 20.00 oere yn kafee "Moarkswâl" yn Aldtsjerk is de jierlikse

NEISOARCHGEARKOMSTE.



Dizze jûn sjoche wy werom op ferline jier, it twadde jier sûnder regulier aaisykjen.

Jappie Seinstra nimt de sifers fan 2016 mei ús troch, Jelle van der Bij hat alle kaartmaterialen, formulieren ensfh. klearlizen.

Fierder giet it oer it seizoen dat der oan sit te kommen: de neisoarch (aaien, piken, alarmtelling), it programmabehear.

Wy hoopje jimme allegearre te moetsjen op dizze jûn.

De neisoarchkommisje,
Jelle van der Bij,
Jappie Seinstra,
Henk Minkes.

Ule nijs

Pyt fan de Polder



Dat der net sa folle ûlen wêze soenen yn de roestbeammen dit jier hie ik wol tocht. Yn de winter 2015/2016 wiene der in protte, meast jonge goud - en hoarnûlen dea melden.

Foaral by de grutte diken waarden hja fûn. Dêr sieten dan noch wolris mûzen wêr't hja op út wiene. Dan is in botsing mei in hurd ridende auto deadlik foar in fûgel fan amper 300 gram.

Dit seizoen sieten der yn de Mûnein 14 hoarnûlen yn de roestbeam op de krusing Kaetsjemouiwei en de Dr. Kijlstrawei. Dat wie ferline jier noch 61.

Yn Gytsjerk sieten dit jier mar 5 en ferline jier 22 ûlen. By Wiins en

Bartlehiem dit jier net ien. Oer hiel Fryslân binne der net mear as 624 teld. Dat binne al gau 1000 ûlen minder as yn in top jier.

Dêrom bin ik benijd nei de briedrissultaten dizze simmer. As jimme tinke dat der ûlen yn de buert briede, as dat der jongen binne te razen, graach in mail berjochtsje op de webside ûnder Educatie of skilje 058-2563137



De Trochreed



Voor uw:

- * groepsdiners * bruiloften
- * koude / warme buffetten * vergadering
- * buitenlandse buffetten * recepties
- * gourmetparty's * reunie

Zalen van 20 tot 200 personen.

Reserveringen op afspraak
 Tel.: 058 256 11 48 b.g.g. 256 29 30
 Fax: 058 256 36 99

"DE TROCHREED"

Fam. R. Jullens
 Bosweg 27
 9067 DM Roodkerk



Terras / serre aan het water

Geschikt voor al uw: recepties, vergaderingen,
 koud- en warmbuffet, barbecues, enz.
Bij ons wordt geen zaalhuur berekend.

Luxe broodjes, diverse plates en snacks (ook afhalen)

Verhuur van: tent (div. maten), biertap en statafels.

Ook voor catering.



Het gezelligste café
aan de elfstedenroute!

Tot ziens bij: Henk en Jannie Breeuwsmā
 v. Sminiaweg 107, 9064 KG Aldtsjerk
 Tel. 058-256 33 00 - www.cafemoarkswal.nl



Brasserie De Canterlanden

LUNCHROOM • SNACKPOINT • PARTYSERVICE

patat en snacks • plateservice • croissanterie
 lunchroom • ijs, milkshakes & diverse ijscoupes



maaltijden • diner • gezellig zitten • receptie
 partyservice • verwarmd terras • live muziek

Canterlandseweg 8, Gytsjerk

Telefoon: (058) 256 11 44

foar iters en drinkers en sa mear...

DE LEKKERSTE KOEK VINDT U BIJ DE NEDERLANDSE KOEKKAMPIOEN!



Ambachtelijke bakkerij Braaksma - Van Haersmasingel 2 - Oenkerk



Webside nijs

Pyt fan de Polder

As jo op de hichte bliuwe wolle fan it lêste nijs op ús webside dan kin dat hiel maklik. Fia de webside kinne jo dit oanjaan troch op de linken **meldingen** of **nijsflits** te klikken. Jo mail adres kinne jo dêr ynfulle en dat wurdt dan yn in bestân opnaam. As der in update is krije jo berjocht oer de mail. Sa'n 80 minsken dogge hjir al oan mei. Hjirûnder in artikel fan de webside.

De fûgels binne al wer drok mei it sykjen om in territoarium en hawwe ferlet fan nêstkastkes. Yn Readtsjerk binne genôch te krijen

De nêstkastkes meitsje wy, de Fûgelwacht Trynwâlden, sels fan boupakketten. It binne deselde dy't de skoallen ek krije. Jo kinne se keapje mei in kleurke mar ek yn blank hout, om sels te feryjen. Foar it ynflean gat sit in keunststof plaatsje om it hakwurk fan de spjocht tsjin te gean. Se binne te keap by Boskwei 13 yn Readtsjerk. It is selsbetsjinning (as der net ien thús is). De priis is **€ 7.50** foar in skildere nêstkastke en **€ 5.00** foar in blank kastke. Jo moatte der op tiid by wêze, se geane as broadsjes. Dat hat Kees grif ek tocht. It is no de tiid om nêstkastkes skjin te meitsjen en om nije op te hingjen.



Hjir ûnder fine jo in list mei punten om oan te tinken by it ophingjen en fersoargjen fan in nêstkastke.

Ophangen nestkastjes.


- Op een plaats zichtbaar vanuit je huis***
- Verspreid ophangen i. v. m. territorium. (leefgebied)***
- Nooit op het zuiden (te warm)***
- Op het noord –oosten (schaduw en droog)***
- Gemakkelijk te bereiken***
- Op hoogte van ca. 3 meter (katten)***
- Schoonmaken na broedseizoen (oktober)***
- In de herfst en winter als slaapplaats***
- Niet te vaak kijken***
- Niet kijken vóór het broeden***
- Niet kijken als er jongen piepen***
- Rustig gedragen***
- Niet in kast kijken bij het uitvliegen***
- Niet alleen op de ladder staan (iemand ladder laten vasthouden)***
- Na eerste legsel het nestkastje schoonmaken (vlooiën)***
- Er kan een tweede legsel komen***

En as de winter oer is moatte de fetbollen en sa út de tún. Jonge fûgels moatte michjes ite en kinne net oer it iten fan fetbollen. Dan is de kâns grut dat se dea geane. En ferjit net jo kat in beltsje om te dwaan om de fûgels te ferjeien by de kat syn eigen jeierij.

Ut namme fan de fûgelwacht en de jonge fûgels, tige tank.




Fjildrop



KAFEE IT WAPEN FAN FRYSLAN



*Speciaal bierkafee
& itery*



Ook voor uw: vergadering, receptie, feestje

Jurjen & Maaike Boonstra

Rengersweg 51, 9062 EC Oentsjerk • (058) 256 17 47 • jurjen@kafee.nl

www.kafee.nl

ADG



AUTOBEDRIJF

BAUKE DAMSTRA

Nieuwe Straatweg 44 - 9061 CP Gytsjerk - Tel. 058 -2562992

**kwaliteit
goede service
